


DOARSTO?

FRYSKE KOST



DOARSTO

Bêste bern en learkrêft

Moai dat jimme meidogge oan de earste, echte Fryske challenge. Printsje de poster út en hingje dy op yn de klasse. Elke dei kieze jimme in nûmer fan de challenge, mar jim witte dan fansels noch net wat jimme dwaan moatte... Sykje de goede kaart derby en lit ien fan jimme de kaart foarlêze. Begrypt elk wat der gebeure moat? Dan beprate jimme mei elkoar hoe't jimme dat organisearje en wanneer't jimme de **Doarsto** útdaging útfiere. Doare jimme it oan?


Wy winskje jimme in protte wille ta en in ynspirearjende groet,
Elly, Jolanda en Janke

Middenbou

DOARSTO


Beste kinderen en leerkracht

Fijn dat jullie meedoen aan de eerste echte Friese challenge! Druk de poster af en hang die op in de klas. Iedere dag kiezen jullie een nummer van de challenge, maar dan weten jullie natuurlijk nog niet wat jullie moeten doen...Zoek daarom de goede kaart erbij en laat iemand van jullie de kaart voorlezen. Begrijpt iedereen wat de uitdaging is? Dan bespreken jullie met elkaar hoe jullie dit organiseren en wanneer jullie de **Doarsto** uitdaging uitvoeren. De uitdagingen zijn in het Fries geschreven. Jullie moeten elkaar daarom goed helpen om de opdracht goed te snappen. Misschien verstaat een klasgenootje Fries en kan die helpen met het begrijpen van de tekst. Of misschien moeten jullie op zoek gaan naar iemand in school, die kan helpen. Of misschien hebben jullie een ander slim idee. Wij wensen jullie heel veel plezier en een inspirerende groet, Elly, Jolanda en Janke



- **Spreek jezelf geen Fries? Stimuleer leerlingen juist wél om Fries te praten.**
- **Stimuleer de kinderen om de talen te vergelijken: Brún? Dat is grappig: in het Nederlands is het bruin. En patat is in het Fries en Nederlands gelijk.**
- **Schakel een Friestalige leerling in als coach, die zo nu en dan een vraag of antwoord in het Fries of Nederlands vertaalt.**
- **Werken de kinderen in groepjes? Zorg dan dat er zo mogelijk een Friese leerling in ieder groepje zit.**
- **Wordt er geïmproviseerd met een challenge? Laat de kinderen dit eerst in het Nederlands doen en vertaal dan naar het Fries.**
- **Maak als taalsteun een woordveld op het bord.**

**Gratis
taaltips**



STARTKAART

Doarsto yn trijetallen in echte floch te meitsjen?

De bern meitsje in floch by it skilderij 'De aardappeleters' fan van Gogh.

Stap 1: Sykje de foto op fan 'De aardappeleters'fan van Gogh.

Stap 2: Besjoch it skilderij ien minút yn stilte.


Stap 3: Skriuw de keunstsinnige tinkfragen op en lis dy foar jim del:

- 1. Wa bist?**
- 2. Wêr bist?**
- 3. Wat sjochst?**
- 4. Wat tinkst?**
- 5. wat hearst?**
- 6. Wat fielst?**

Stap 4: Kies alle trije in persoan of ding fan it skilderij en fertel fanút dy persoan of ding dyn ferhaal. It antwurd op de fragen helpt hjirby.

Stap 5: Fertel it ferhaal nochris en set de kamera oan.

Stap 6: Lit elkoar jimme flochs sjen en jou tips en tops.



DOARSTO 1

Kinsto mei dyn groepke it ferfolch fan it ferhaal spylje?

It ferhaal lêze, yn it groepke beprate hoe't it fierder giet en dit útspylje.


Nedich: hutspot helje mei de quad-ferhaal fan Lida Dykstra

Stap 1: Lês de earste alinea fan it ferhaal foar of lit de bern it sels lêze
(Jou de titel net!)

Stap 2: Ymprovisearje yn groepkes hoe it ferhaal fierder ferrinne sil.

Stap 3: Presintearje de ymprovisaasjes oan elkoar.

Ekstra: Lês it hiele ferhaal fan Lida Dykstra. It stiet op de webside.




Mei de mobyl noch yn 'e hân seit Rik syn heit: 'Dat was Tsjerk. Hij vroeg of ik weer eens langskwam. Dus ik heb voor over twee weken afgesproken. Want ik dacht, dat is ook leuk voor jou. Om mee te gaan, bedoel ik.'

Rik sjocht op fan syn spulkompjûter. Hy blaast in toefe hier út syn gesicht. 'Naar die studievriend van je in Friesland? Die op een boerderij woont? Tussen de koeien zitten is niks voor mij, pap. Maar ga jij gerust. Mam wil vast wel van weekend ruilen.'

'Nergens voor nodig,' fynt Rik syn heit. 'Je bent dat weekend bij mij, zo is dat afgesproken. Dit is een kans voor je om de stad eens uit te gaan. Je bent toch nog nooit op een boerderij geweest? Hartstikke leuk dus. En ook leerzaam. Tsjerk en Akkelyn hebben een zoon van jouw leeftijd, wist je dat?'

Rik prottelet wat oer 'boertjes' en 'stront', mar syn heit jout gjin striebreed ta. Lipe of pipe, hy moat mei. 'Heb ik weer,' suchtet Rik.



DOARSTO 2

Litsto dy betsoene troch dizze feestjirpel?

Dizze aktiviteit is ynspirearre op 'de sirkels van Kandinsky'.

Nedich: in stevich papier of karton fan A4 formaat, ferskate kleuren plakkaatferve, kwasten (of brûk dyn fingers)

Stap 1: Besjoch it keunstfilmke oer de jirpel op <https://fryskenfrij.nl/wurkwinkels-oer-de-ierdappel/> en bepraat mei elkoar hoe't de jirpel belangryk makke wurdt..

Keppelje it draaien, de sirkels, it middelpunt út it filmke oan it bekende skilderij fan Kandinski en besjoch en bepraat dit skilderij meïnoar.


Stap 2: Skilderje yn it midden fan it papier in lyts jirpeltsje yn dyn moaiste kleur.

Stap 3: Kies in oare kleur en meitsje der in grouwe jirpelskyl omhinne.

Stap 4: Werhelje dit in oantal kearen, oant de betsoene jirpel de râne hast rekket.

Stap 5: Folje de bûtenrâne op nei eigen ynsjoch.

Stap 6: Lis de skilderijen op de grûn, bepraat it en meitsje in komposysje





DOARSTO 3

Kinsto mei de hiele groep 'Piter Patat'sjonge en spylje?



Nedich: Sykje op Spotify (Retteketet Tsjyng Boem2) it liet 'Piter Patat' op Tekst fan 'Piter Patat'.

Stap 1: De groep sjongt it earste stik, Piter sjongt de lêste rigel. Lit Piter Patat him as in echte patatbakker gedrage ;)

Stap 2: Dit kin útwreide wurde mei in stikje ymprovisaasjetoaniel. Splyje út:

- Stel dy foar, do stiest by Piter foar de patattinte. Wat bestelsto? En hoe giet dat dan?
- En wat no as der noch mear minsken wat bestelle wolle en der dringe minsken foar.

Wat dochsto dan? Hoe reagearrest? Splyje it út.

-De klanten moaie 'snack-nammen' krigen. Betink fraaie nammen en ferweef dit yn jim pul.



Piter Patat

Der stiet in tintsje by ús yn 'e buorren, it is it tintsje fan Piter Patat.
En syn patatsjes binne osa lekker, want Piter wit wol hoe 't it moat.
Pitet Patat kin der wat fan, hy bakt se brún foar Jan en alleman.
Piter Patat stiet altyd klear:
'Sis it mar mefrou, sis it mar menear.'

En Sjirk Saté en mantsje Meintsje Mayonêze, dy binne gek op in
'patatsje mèt',
mar Sibe Snek en Feikje Frikandeltsje, dy hawwe leaver in kroket!
Pitet Patat kin der wat fan, hy bakt se brún foar Jan en alleman.
Piter Patat stiet altyd klear:
'Sis it mar mefrou, sis it mar menear.'



DOARSTO 4



Doarsto sjen te litten wat de jirpel is?

Nedich: in grouwe jirpel

Stap 1: Gean yn in kring sitten. Lit de jirpel sjen en sis tsjin de bern: 'Dit kin alles wêze, útsein in jirpel.'

Stap 2: Lit de jirpel rûngean en lit de bern frij fantasearje.

Stap 3: As de jirpel werom is by de learkrêft kinst in gearfetting fan mooglikheden jaan.

Stap 3: Spylje as is de jirpel ien fan de dingen dy 't neamd is (pantomime). De bern meie sizze wat se sjogge. Ferkearde antwurden bestean net, alles helpt om de fantasij op gong te bringen.


Stap 4: Freegje: 'Wa kin sjen litte wat de jirpel noch mear is?' en jou de jirpel oan ien fan de bern. De oare bern kinne dan riede, mar it rieden is net it wichtichste. It giet benammen om it frij fantasearjen en spyljen.

Stap 5: De spiler mei de jirpel oan in oar jaan, sadat hy/sy dan sjen litte kin wat it is.



Ik bin in shampoo flesse.

Ik bin in keatsbal.





DOARSTO 5



Kinsto stimpelje mei ierpels?

De bern meitsje in skilderij fan in ierpelfjild.

Nedich: in oantal grouwe ierpels, in stik as wat metalen koekjefoarpkes, in stift, in skerp meske, in snijplanke, papier, ferve en kwasten


Stap 1: Besjoch mei elkoar foto's fan ierappelfjilden.

Stap 2: Bepreat de wurden ikkers, ierappelfjild, ierappels roaie, tele, wjudzje, siedzje, rispje, ierappelpoatmasjine, roaimasjine.

Stap 3: Meitsje in ierpelstimpel om in ierpelfjild te meitsjen.

Stap 4: Stimpelje dyn ierpelfjild.

Stap 5: Presintearje yn it Frysk de skilderijen oan elkoar.



DOARSTO 6

Kinsto mei de hiele groep 'the potatosong' sjonge?




Nedich: youtube filmke: <https://youtu.be/q7uyKYeGPdE?list=RDq7uyKYeGPdE>
tekst fan de potatosong

Stap 1: Sykje the potatosong op youtube op.






Stap 2: Sykje de tekst fan de potatosong op en kopiearje dy foar de bern.


Stap 2: Harkje nei it ferske en lêe de tekst mei.

Stap 3: Sjong it ferske mei elkoar.



They're red, they're white, they're brown
They get that way underground
There can't be much to do
So now they have blue ones too
We don't care what they look like, we'll eat them
Any way they can fit on our plate
Any way we can conjure to heat them
We're delighted to think they're just great
PotaTo potaTo potaTo
Potato Potato Potato Potato
PoTato poTato poTato
PotaTo potaTo potaTo





DOARSTO 7

Doarsto te spyljen wat dit ferhaal fertelt?

De bern betinke en spylje dernei mei har groepke hoe't it ferhaal fierder giet.

Nedich: It begjin fan it ferhaal


Stap 1: Lês it begjin fan it ferhaal


Stap 2: Meitsje groepkes

Stap 3: Betink as groepke hoe as jim it ferhaal fierder gean litte wolle

Stap 4: Spylje it ferhaal út

Ekstra: Lês it hiele ferhaal. It stiet op de webside.





It begjin fan it ferhaal:

Ik haw hjoed gjin nocht oan itensieden,' seit mem. 'Wy gean nei in restaurant. Lekker út iten.' 'Is dat iten wol lekker?' seit Marije. 'Hearlik,' seit heit, 'se ha der fan alles. Patat, pankoeken, hearlike bakte ierdappeltsjes.' 'Hâld mar op, it wetter rint my om de tosken,' laket mem. Yn it restaurant gean se by in taffeltsje sitten. Heit hellet in tafelstoel foar Jildou op. Marije sjocht om har hinne. Der sitte in hiele soad minsken yn it restaurant. De measten sitte te iten. 'We binne te let,' seit Marije, 'se hawwe it iten al hast op.' 'Der is grif noch wat oer,' seit heit. Der komt in man yn in swart pak by harren taffeltsje. 'Wolle jim ek wat drinke?' freget er. 'Wat wolsto ha Marije?' seit heit. 'Iten,' seit Marije. 'Dat krije we anst, earst wat drinke,' seit mem. 'Sinas,' seit Marije dan. De ober komt mei it drinken en freget wat se ite wolle. 'Marije, wêr hasto sin oan?' seit heit. 'Patat,' seit Marije. De ober skriuwt it op in briefke. It duorret noch in hiel skoft foar't it iten brocht wurdt. Mar dan....



DOARSTO 8

Kinsto dyn eigen unike, orizjinele ierpelman of ierpelfrou meitsje?

Nedich: -ierpels. -kralen, spjelden, pipereagers, stokjes, stofkes ensfh.

Diel de bern yn groepkes fan trije yn. De bern meitsje ierappelfigueren en betinke der in ferhaal by.



Stap 1: Besjoch de foarm fan dyn ierappel goed.

Stap 2: Betink en bepraat hokker type figueren goed by jimme foarmen passe, byg. in sporter, in plysje, in professor ensfh.

Stap 3: meitsje mei jim groepke trije ierappelfigueren.

Stap 4: Betink en eksperimintearje wat dizze trije figueren belibje.





DOARSTO 9

Kinsto mei dyn groepke de Frysk/Ingelske potatosong sjonge?

Nedich: youtube filmke: <https://youtu.be/q7uyKYeGPdE?list=RDq7uyKYeGPdE>
tekst fan de potatosong




Stap 1: Lês mei juf of master de Ingelske tekst goed troch.

Stap 2: Wa wit it Fryske wurd foar 'red'? En foar 'and white'? Set de Fryske wurden der del. Feroarje noch mear wurden en sinnen nei it Frysk.

Stap 3: Sjong de fertaalde sin hyltyd even om te hearren oft it sa kloppet.

Stap 4: Sjong de nije tekst mei de hiele groep.





They're **read, en wyt en** brown
They get that way underground
Der is net folle to do
Dus binne der blue ones too.
We don't care what they look like, we'll eat them
Any way they can fit on our plate
Any way we can conjure to heat them
We're delighted to think they're just great.
PotaTo potaTo potaTo
Potato Potato Potato Potato
PoTato poTato poTato
PotaTo potaTo potaTo

